

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<p><b>Schrier</b></p> <p><b>Underwerp:</b> <b>Tasizzingen PS 27 septimber 2017 oer gaswinning</b></p>
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Steatelid Wopke Veenstra hat foar de FNP op 27 septimber 2017 mûnlinge fragen steld nei oanlieding fan gaswinning troch Vermilion yn De Pein (Smellingerlân).</p> <p>It gong oer de rjochtmjittigens fan de winning by de Pein; dy blykte neffens deputearre net rjochtmjittich, hy hat dêrby meardere kearen it wurd 'yllegaal' brûkt. In ûndersyk fan SodM soe binne in pear wiken klear wêze.*</p> <p>Fierder hat Veenstra frege nei de juridyske en prosedurele status fan alle oare 'lytse' gaswinningen yn Fryslân. Neffens de deputearre wiene der twifels oer de betrouwberens fan de ynformaasje dêromtrint op de lannelike website <i>Nlog</i> fan EZ. Dy soe mooglik net akkuraat en net korrekt wêze. Ien en oar soe útsocht wurde.</p> <p>De deputearre hat neffens it fêststelde ferslach fan PS 27 sept 2017 in tal tasizzingen dien (de nûmers 1593 en 1594):</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>- De steaten ûntfange tenei in ôfskrift fan de advizen oer gaswinning dy't it kolleezje oan it ministearje stjoert;</li> <li>- De antwurden op de fragen dy't steld binne tidens de behandeling fan dit ûnderwerp sille op papier oan de steaten stjoerd wurde</li> </ul> <p>De FNP hat nei trije kear persoanlik oantrunen de bedoelde ynhâldlike ynformaasje oer de status fan De Pein en oer alle oare gaswinningen yn Fryslân noch net ûntfongen. De FNP hat ek gjin brief fan útstel krigen lykas gebrûklik dat de antwurden letter komme, bygelyks om't it kolleezje wachtsje moat op ynformaasje fan treden.</p> <p style="text-align: right;"><i>*Friesch Dagblad, 28 septimber 2017: 'Schrier: gaswebsite mogelijk niet correct en accuraat'</i></p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Wat is de reden dat jo ek nei trije kear oantrunen de frege antwurden net neffens tasizzing levere hawwe?</li> <li>2. Wêrom hawwe jo ek gjin prosedurebriefke stjoerd, dat de antwurden letter komme?</li> <li>3. Hawwe jo sûnt 27 septimber al neier ûndersyk dien en oerlis hân mei SodM oer de frege ynformaasje? Sa ja wat binne de ynhâldlike útkomsten fan dat ûndersyk en dat oerlis?</li> <li>4. Op 8 jannewaris 2018 hat der wer in swiere ierdbeving west by Zeerijp. Minister Wiebes hat nei oanlieding hjirfan sein de winning yn it Grinzer gasfjild 'maximaal te willen verminderen'. Wat betsjut dit foar de gaswinning yn de Fryske gasfjilden, al dan net mei in jildige fergunning?</li> <li>5. Kinne wy der op tidigje dat de antwurden der no binnen fjouwer wiken lizze? Sa nee, wêrom net?</li> </ol>

--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	10 jannewaris 2018
-------	--------------------